


DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baarn

ôfsj.
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

foarsitter : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl

skriuwer : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com

ponghâlder : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**

alg. adjunkt : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 101252, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl

-.-

boekeferkeap : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum

G. v.d. Leij-Wilbers 035-6213586
Hyacintenlaan 10, 1215 BC Hilversum

iterij : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)

-.-

Eareleden:

earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk
earelid: H. van Duinen, De Jouwer



Fan de foarsitter

Ek yn dit nûmer fan de Tille begjinne wy wer mei in winterske foto dy't yn dizze omkriten makke is troch ús drukker fan de Tille. Wa wit krije wy meikoarten wer te meitsjen mei dat wite guod. As it mar net te tsjok en te lang op 'e diken lizzen bliuwt. En foaral net op in kritejûn. Op ús kritejûn ein novimber wie it in elk gefal knap waar, want dêr kamen mear as fjirtich leden op ôf. No wie it ek de muoite wurdich mei sa'n rasechte ferteller as Hylke Speerstra. Hy wie wakker op 'e tekst oer datjinge dat hy ek beskreaun hie yn syn boeken "It Wrede Paradys" en "Op klompen troch de dessa". Men koe ek merke dat hy de jûns tefoaren in optreden hân hie yn Toppenhuzen/Twellegea mei in koar û.l.f. Harm van der Meer mei deselde ferhalen, want gauris liet de sprekker oan it

ein fan it ferhaal even in stilte falle: it koar wie der ommers net...

Dochs koe der gjin sprekker oan him tippel! In elk hong ek oan syn lippe en sette nei de ferlotting om healwei alven foldien wer op hûs oan. Ik tink dat ek de nije lokaasje yn de Brasserie fuort efter de yngong fan 'Nieuw Kerkelanden' dêrta dien hat dat wy gjin wanklank heart ha. It wie smûk en lekker waarm!

Ek de earste jûn yn it nije jier sil op itselde plak hâlden wurde foar it nijjierjen en it **stampot miel**. Wa't mei-ite wol moat him/har sa gau mooglik en it leafst **uterlik 2 jannewaris opjaan**! Wy rekkenje op in soad iters. Wa't net komme kin winskje ik no alfêst in Lokkich en Sûn Nijjier.

Jan Kooistra

Nijs fan de Boeketafel

De **KOARTING** op ûnderskate boeken bliuwt. Yn novimber hienen wy "konkurrinsje" fan Hylke Speerstra. Wat kin dy man fertelle! It is de muoite wurdich om nei him te lústerjen. Lêzen fan in boek is ek de muoite wurdich. Dizze kear hawwe wy twa boeken útsocht:

De **Nova Scotia Staazje** fan Ferdinand de Jong en **De Seemearmin** fan Albertina Soepboer.

Jellie skriuwt: *De Nova Scotia Staazje* is it fiifde boek fan Ferdinand de Jong. Neffens De Jong is dit syn meast persoanlike wurk, dat hy gefoelsmjittich skriuwe moast foar syn heit. Miskien is de roman dêrtroch sa goed wurden. It giet oer in jonge (18 jier) die foar staazje nei Kanada ôfset. De Jong hat dit sels ek dien en kin dêrom hiel libbensecht oer syn dreamen fan doe fertelle. Op de efterflap stiet dêroer:

"Ik hie noch nea safier fuort west. Op reis nei Kanada foar trije moannen staazje op in buorkerij yn Nova Scotia. Oaren yn 'e klasse bleaunen yn Nederlân, of kamen de provinsjegrens net iens oer. Mar ik woe oer de grutte plasse". It ferhaal beskriuwt de ûnderfining fan in jonge dy't op in Kanadeeske boerepleats telâne komt dêr't de sfear him benearet. Yn in waarme Kanadeeske simmer besiket er him yn in fijannige sfear steande te hâlden en siket er in útwei. Noch hieltyd dreamt Freark Fritsma oer de doar fan in sel yn in finzenis dy't mei in klap achter him ticht batste.


Ik haw dit boek mei folle nocht lêzen. Dit is echt in boek foar avonturiers, mar ek foar dejinge dy't leaver fan de bank ôf dreamt oer fiere oarden.

Gesiena skriuwt: *De seemearmin* fan Albertina Soepboer is de earste roman fan har hân. Oan't no ta skreau sy poëzij, lieten, toaniel en skôgingen. Yn *De seemearmin* komme Fryske folksferhalen foar. Dy lûkt de skriuwster yn de roman nei harsels ta. Sy is in moderne frou fan dizze tiid mei in protte freonen, in baas dy't wat oars wol as sy sels en kroechrinne. It reint hast altyd yn it boek en faken wurdt der jazzmuzyk spile. En dan moat se fan har baas ferhalen oer seemearminnen skriuwe. Se dûkt sa yn dy ferhalen dat se harsels op it lêst ek in seemearmin fynt. Op 'e efterflap stiet "Want besteane seemearminnen no echt of is dat allinne mar in ferhaaltsje foar lytse bern".

It boek is flot te lêzen yn in prachtige Fryske taal. In aventoer yn 'e geast tusken dream en werklikheid.

Folle lok en seine yn it nije jier en oant sjen by de boeketafel

Jellie Conradie & Gesiena van der Leij




FRYSKE TAAL IK HALD FAN DY

(Wize: It heitelân)

Dê't de dyk foar 't lân him skammet,
om't syn taal sa giet ferlern.
Dê't de pakes en de beppes
hiel grutsk prat' oer har lytsbern.
Dê't hast elk it hat oer bloempap,
mei wat skenkstroop der dan by.

2x

Ja, dêr moatt' we pynlik sizze:
"Fryske taal 't moat oars mei dy !"



Dê't de ljippen net mear sjonge,
om't de kieviet Fryslân fûn.
Dê't by't winter net de redens,
mar de skaats wurdt ûnderbûn.
Dê't wy net mear útfanhûzje,
mar logeare, o sa blij.

2x

En de doarren slút' mei sleutels,
Fryske taal: wat deart dit my !



Lit ús tink' oan âlde tiden,
doe't ús tante muoike wie.
Doe't 'tot ziens' noch net yn tel wie,
mar 'oan't sjen' as groet bestie.
Doe't men gier net sei, mar jarre,
en men pap net iet, mar brij.

2x

Dêr moatt' wy mei ynmoed sizze:
"Fryske taal, ik hâld fan dy".

Piet Jan de Groot

(mei tank oan Elisabeth Veldhuysen-Sterk)



Lokkich nijjier !



nûget jimme allegearre út op

Freed, 6 jannewaris 2017

yn de Brasserie fan
"Nieuw Kerkelanden"
Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum

fan **17:00** oere ôf **Nijjierjen** mei in hapke en in drankje

om **18:00** oere: **Mienskiplik** stampot/hutspot **miel**

om **20:15** oere: **Ledegearkomste** mei de jierstikken oer it ôfrûne jier

Wurklist:

1. Iepening
2. Ynkomen stikken
3. Ferlach ponghâlder oer it boekjier 2015-2016
4. Ferlach rekkenopnimers
5. Beneaming fan nije rekkenopnimers
6. Begutting foar it boekjier 2016-2017
7. Bestjoerssaken
8. Omfreegjen
9. Slute

Nei de ledegearkomste ferlotsje wy wer in tal moaie prizen en pryskes.

Om't wy de middeis al om fiif oere begjinne, wolle wy it de jûns net te let meitsje.
Dêrom hat it bestjoer tocht om nei de ferlotting ús earste kritejûn yn it nije jier
rom **foar tsienen** ôf te sluten.

Opjefte foar it **miel** graach **sa gau mooglik** (yn elk gefal *foar 3 jannewaris*)
by ien fan it bestjoer.

Tagonaspriis: € 15,00 (*it iten en de drankjes ynbegrepen*)

Us oare kritejûnen yn it winterskoft 2016-2017

Sneon 18 febrewaris 2017

Toanielselskip “De Lytse Komeedzje” út Drachten mei it stik
“Alle gear Komeedzje!”

Freed 24 maart 2017

Toanielgroep “Nocht en Wille” fan de krite Boadegraven, Utert en Seist spilet har
nij stik
“Twafertsjinnens yn Twastriid”

--

En ek al fêstlein foar it winterskoft 2017-2018:

Sneon 25 novimber 2017

Selskip “Noordenbos & Ko” mei harren programma
“Ferbining”

Al dizze jûnen binne jimme wolkom yn de Brasserie óf de Grutte Seal fan



Nieuw Kerkelanden
Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum

Mochten jo it noch net dien ha dan soe it ús tige goed dwaan as jo de
ynlage (kontribúsje) foar dit winterskoft oermeitsje op

Rekken nûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. Frysk en Frij Hilversum

De kosten binne: € 15,00 de man/frou
€ 30,00 foar in trouw pear of in stel

mear mei fansels ek...☺



Keatsferiening “Melle Veenstra”

1919

98 jier

2017

Útnûging foar nyjiersbesite “keats”-jûn op 20 jannewaris 2017

Sa't jimme miskien witte bestiet der yn Hilversum noch in keatsferiening ûnder de namme “Melle Veenstra”. Dizze keatsferiening is noch as iennichste oerbleaun yn de omkriten fan Utert, Hilversum, Bussum, Seist en Amersfoort. Eartiids wie yn al dizze plakken noch in keatsferiening aktyf.

Ús feriening hat noch 14 leden, 8 stipers en 11 leden fan de ‘Club fan 10’. Wy besykje dizze feriening yn libben te hâlden en te promoaten yn de omkriten..

Neist it keatsen yn Hilversum organisearje wy elts jier in “Jeu de boules-jûn” foar ús leden, stipers, freonen en bekenden.

Op freedtejûn **20 jannewaris 2017 oanfang 19.30** oere, sil it wer heve.

It liket ús tige noflik ta om **alle leden** fan de krite Hilversum, Utert en Seist dy't it keatsen in waarm hert ta drage ek út te nûgjen en te moetsjen op dizze jûn. Sa kinne jimme ûnder it genot fan in spultsje “Jeu-de-boules”, in drankje en in hapke, kennis meitsje mei ús keatsferiening. Foar de kosten hoege jimme it net te litten. Dizze berinne € 10,-- p.p. ynkl. kofje, gebak, drankje, hapke en gebrûk fan de jeu-de-boules-ballen.

Dizze jûn wurdt hâlden yn it Boulodrome (oerdekke waarme binnenbaan mei 10 banen) oan it Jagerspaadje 26 A, 1231 KJ Loosdrecht.

Hawwe jimme sin om te kommen, skilje dan efkes fan tefoaren mei ús skriuwer Hendrik Visbeek tel: 0525-655541. Hy stjoert jo dan in paadwizer en set jo op de list fan dielnimmers. Eltsenien is fan herte wolkom. Oant sjen op **20 jannewaris 2017** út namme fan it bestjoer fan K.F. “Melle Veenstra” Hilversum.

Golle groetnis,

Hendrik Visbeek
(skriuwer)

Reisferiening "De Fryslannen"



Reisferiening "De Fryslannen" organisearret fan 13 o/m 19 maaie 2017 in moaie reis nei Noard-Dútslân en Denemarken. Kosten: € 535,=, dêrby ynbegrepen: bus, hotel, moarnsbrogge, waarm iten, kofje mei traktaasje, yntrees en de foaiepot. De reiskommisje hat in nijsgjirrich program gearstald.

Yn grutte halen binne de yngrediïnten: Maritimes Museum Westerende-Kirchloog; tsjerketsjinst by Sûderlûgum, besyk oan de bizeflechter te Rodenas; mei de boat nei waadeilân Pellworm; Nordfriesland Museum Nissenhaus te Husum, mei rûnlieding; feestjûn mei sankjes, muzyk, toaniel, ferhalen en gedichten; in dei nei Denemarken, nei Varde mei û.o. in besyk oan it miniatuer stedsje Miniby; besyk oan Schleswig-Holstein; oargelmuzyk fan Doede; ôfskieds-miel by de Deterner Krug yn Detern. Foar it komplette programma, of mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei frou Bonny Poelstra-Dijkma, Ysgumerwei 1a, 8764 PS Dedzjum, tel.0515 - 579133, of e-mail dbpoel@ziggo.nl. Opjefte/ynfo foar 1 maart 2017.

Stichting "ALDE FRYSKE TSJERKEN"



Wy binne al in grut tal jierren donateur fan Stichting ALDE FRYSKE TSJERKEN en as it sa útkomt geane wy graach mei op ekskurzje nei de prachtich restaurearre tsjerken. De Stichting hat dit jier yn it heitelân in soad yn it nijs west: û.o. oer de kânselbibel fan Britsum, de tsjerken fan St.Anne en Hegebeintum – sjoch mar ris op www.aldefrysketsjerken.nl.

Foar de restauraasje fan de tsjerke fan Dedzjum is okkerdeis in moai bedrach skonken troch in donateur. Finansjele help bliuwt lykwols nedich, omdat se minder subsydzje krije en der hieltiten mear fersiken komme om tsjerken oer te nimmen. En dêrom wolle wy it graach opnimme foar de wurksumheden fan de Stichting. Wy fine it stypjen wichtich foar it behâld fan ús âlde Fryske tsjerken. Noed stean foar it moaie lânskip fan Fryslân mei syn tekenjende tsjerken! Op dit stuit is der de aksje dat nije donateurs (foar minimaal € 17,50 it jier) as wolkomstgeskink de CD "Libbene Stiennen" fan Piter Wilkens krije. Kontaktgegevens: Alde Fryske Tsjerken, Postbus 137, 8900 AC Leeuwarden; telef. 058 213 96 66; Mailadres: info@aldefrysketsjerken.nl

Elko en Ida Knobbe, Bunnik

Lekker ite mei ...

Om't de winter noch wol komme sil, dogge wy nochris in resept foar waarm iten yn de rige fan resepten út de Libelle fan maart 1987. Yn de foarige Tille stie in waarm miel út it Bildt, dêrom no mar ris in waarm jûnsmiel út de kontreien fan de fiskerij. Diskear dus in echte

Admiraalskost

Yngrediïnten

- 1 woartel
- 1 sipel
- 1 lytse prei
- 2 tûkjes piterseelje
- 2 tûkjes selderij
- 1 tûkje time (tjim)
- 4 kniesde piperkerrels
- stikje sitroenskyl
- 1 lyts laurierblêd
- koppen en graten fan fisk
- 750 g mingde fiskfilets
- 100 g Hollânske garnalen
- 150 g seane moksels



- 40 g bûter
- 30 g blom
- 2 ytleppels tomatepuree
- sâlt en piper
- flutske konjak
- ½ dl slachrjemme

It klearmeitsjen:

Foar de bûljon 1¼ mingel wetter opsette mei de skjinmakke sipel, prei, piterseelje-, selderij-, en timetûkjes, de piperkerrels, de sitroenskyl, it laurierblêd en de wosken koppen en graten. Oan de soad bringe en sûnder boarreljen 30 minuten trekke litte. De bûljon seve. De fiskfilets yn moaie stikjes snije en yn de seefde justjes siedende bûljon yn 10 minuten gear posjeare. De garnalen en moksels 2 minuten meiwaarmje. Ut de bûljon nimme en waarm hâlde. Yn in stâlpanne de bûter rane, de blom en tomatepuree derby riere en efkes prottelje litte. Yn parten in ½ l bûljon der by dwaan en de saus hieltyd glêd riere. De saus 5 minuten sûntsjes siere en op smaak bringe mei sâlt en piper. De konjak en de rjemme der by riere. De fisk yn potsjes skeppe en de saus der oer jitte. Mei seane ierappels optsjinje.

Lekker ite!
...Aachje

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl

skriuwer : Hendrik Visbeek
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541
e-mail: h.t.visbeek@kpnmail.nl
websiteside: www.melleveenstra.nl

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
websiteside: www.fryskbutenfryslan.frl

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"

skriuwer : K. Kuipers
Willem Loadewykstrjitte 115, 8933BL Ljouwert 058-2125383
e-mail: k.kuipers1938@kpnmail.nl

OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage.

Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frysk Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.frl

Special adres voor: Gerilde Omjiekoken

DE HAAN'S BAKKERIJ

De vestige Bakker
in Sneek en
Zij dichterbij

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

**FRYSK EN FARYSK
YN 'E PROVINSJE
EN EINS
TROCH IT HELE LAN
JO BINNE TE PLAK BÛ
DE HAAN'S BAKKERIJ
YN SNITS
HEECHTEN 15
FUORT BY DE
WETTERPOARTE**